

Faksin yn it koart foar **Comirnaty (BioNTech/Pfizer) tsjin COVID-19**

Foar bern fan 5 oant en mei 11 jier âld

Wêr is dit faksin foar?

Dit faksin beskermet jo bern tsjin it koroanafirus (SARS-CoV-2). As jo bern besmet rekket mei dat firus kin it lêst krije fan klachten. Lykas koarts, hoastje, pine yn 'e kiel, in dripnoas en ferlies fan rook en smaak. In lyts tal bern wurdt yn it sikehûs opnommen.

Jo bern krijt dit faksin om foar te kommen dat it siik wurdt troch it koroanafirus.

Wêrom is der in faksin spesjaal foar bern?



Bern fan 5 oant en mei 11 jier krije itselde faksin as folwoeksenen. Mar der is wol in ferskil: bern hawwe minder faksin nedich. Se krije in prik mei 10 mikrogram. In folwoeksene krijt 30 mikrogram per prik.

Hoe komt it dat bern genôch hawwe oan 10 mikrogram per prik?

De ôfwar fan bern wurket sterker as by folwoeksenen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus. Bern meitsje mei minder faksin likefolle antystoffen oan as folwoeksenen. Dêrom is der in faksin spesjaal foar bern.

Hoe wurket dit faksin?



As jo bern nei de faksinaasje yn kontakt komt mei it koroanafirus, dan werkent it lichem fan jo bern dat firus. It lichem fan jo bern hat dan al antystoffen oanmakke dy't jo bern beskermje tsjin dat firus. **Dêrtroch wurdt jo bern net siik of folle minder siik.**

Jo bern hat **2 faksinaasjes** nedich om goed beskerme te wêzen tsjin it koroanafirus. Fan 7 dagen nei de twadde faksinaasje ôf is jo bern beskerme tsjin it koroanafirus.

Dit faksin wurket by bern like goed as by folwoeksenen. Ut ûndersyk docht bliken dat bern minder faksin nedich hawwe. Se meitsje by 10 mikrogram per faksinaasje al likefolle antystoffen oan as folwoeksenen by 30 mikrogram per faksinaasje.

Ut ûndersyk docht ek bliken dat dit faksin by jo bern **de kâns op COVID-19 mei 91% ferminderet**. Dat betsjut dat fan de 100 bern dy't sûnder faksin COVID-19 krije soene, nei faksinaasje noch mar 9 bern COVID-19 krije.

Hoe is dit faksin goedkard?

- Der is in protte ûndersyk dien nei de feilichheid en wurksumens fan dit faksin.

- Dy ûndersiken binne no tagelyk útfierd, yn stee fan nei inoar. Dat skeelt in soad tiid.
- De resultaten fan dy ûndersiken binne fuortdaliks beoardiele. Der binne gjin wichtige stappen oerslein.

Wannear kriget myn bern dit faksin?

Jo bern kin dizze faksinaasje krije as it 5 oant en mei 11 jier âld is. De Ryksoerheid bepaalt wa't in útnûging krijt foar dit faksin.



Jo bern krijt dit faksin **2 kear**. It RIVM advisearret de twadde prik likernôch 4 oant 8 wiken nei de earste prik.



Jo bern krijt de prik yn de boppe-earm.

Wichtichste warskôgingen

Freegje oan jo dokter oft jo bern dit faksin krije mei as jo bern:

- Earder in **allergyske reaksje** hân hat op in faksin.

It RIVM advisearret om in nije ôfspraak te meitsjen as jo bern:

- Slim siik** is of **hege koarts** hat foardat jo bern de faksinaasje krijt.
- COVID-19 hat. Of as jo bern mooglik COVID-19 hat.
- De ôfspraak **mist** hat.

Wichtichste bywurkingen

Krekt as by oare faksins kin jo bern lêst krije fan bywurkingen. De measte bywurkingen krijt jo bern om't it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan it lichem begjint te wurkjen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus.

Ut ûndersiken binne de folgjende meast foarkommende bywurkingen by bern bekend:

- Pine op it plak fan de prik (mear as 80%).
- Wurgens (mear as 50%).
- Pineholle (mear as 30%).
- Reade hûd op it plak fan de prik (mear as 20%).
- It plak fan de prik wurdt tsjok (mear as 20%).
- Spierpine (mear as 10%).
- Kâlde rillings (mear as 10%).

Dy bywurkingen duorje meastentiids 1 oant 3 dagen.

Mear witte?

Hawwe jo fragen of twivels oer dit faksin foar jo bern? Lis dan oer mei jo dokter of apteker.

Sjoch foar de offisjele bysluter fan dit faksin op [geneesmiddeleninformatiebank.nl](https://www.geneesmiddeleninformatiebank.nl).

Gean foar mear ynformaasje nei [coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl).

Wolle jo in bywurking melde of dêr mear oer witte? Dat kin op [lareb.nl](https://www.lareb.nl).